

De bydragen yn dit nûmer binne fan:

Prof. dr. S. Groenveld, berne 1949, wie oant syn emeritaat (2006) heechlearaar yn 'e Skiednis en Kultuer fan 'e Republyk fan 'e Feriene Nederlannen oan 'e Universiteit Leien. Hy publisearret oer it tiidrek fan it Ancien Régime, benammen oer Nederlânske skiednis: sawol oer yn- en útlânske politike en ynstitúsjonele ûnderwerpen as oer kultuer-, sosjaal- en tsjerkhistoaryske tema's.

Prof. dr. Eric Ketelaar, berne 1944, wie fan 1997 oant syn emeritaat (1 jannewaris 2009) heechlearaar yn 'e Argyfwittenskip yn 'e ôfdieling Mediastúdzjes fan 'e Fakulteit fan 'e Geasteswittenskippen fan 'e Universiteit van Amsterdam. Fan 1989 oant 1997 wie er algemien ryksargivaris. Fan 1992 oant 2002 wie er dieltiidheechlearaar Argyfwittenskip yn 'e ôfdieling Skiednis fan 'e Fakulteit fan 'e Letteren fan 'e Universiteit Leien.

Rita Mulder-Radetzky, berne 1952, studearre keunstsiednis en klassike archeology oan 'e Ryksuniversiteit Grins. Se docht ûndersyk nei de libbensstyl fan 'e Fryske elite en de hofkultuer fan 'e Fryske Nassaus. Oer ûnderskate Fryske bûtenpleatsen (staten) hat se boeken skreaun, lykas Weidum, dorp van staten (1994) en Geschiedenis van Oranjewoud (2010, 6de printinge). Se is dwaande mei in dissertaasje oer de túnarsjitekt Lucas Pieter Roodbaard en de lânskipsstyl yn Fryslân.

Barteld de Vries, berne 1953, folge in oplieding ta argivaris oan 'e Ryksargyfskoalle te Utert. Hy wurke by it Algemien Ryksargyf yn De Haach en hjoed-de-dei wurket er by Tresoar te Ljouwert. Fan syn hân ferskynden ynventarissen en partikuliere argiven, dêrûnder it famylje-argyf Van Eysinga-Vegilin van Claerbergen en it Frysk Genoatskip. Hy publisearret geregeld oer histoaryske ûnderwerpen, ûnder oaren op it mêd fan bûtenpleatsen yn Fryslân.

(Basearre op fan 'e auteurs sels oanlevere ynformaasje.)